

Ald kommelinkjes

Bladzijden 2 en 3 uit de Tuorkefretter van december 1973



DE SOLDAET FAN BARHUS

Jierren lyn kloppe op in jountiid in soldaet oan op 'e doar fan it Barrahûs. De soldaet wie op wei nei Ljouwert, mar syn hynder wie to wurch en nou frege er oft er by de boer yn 't hea sliepe mocht.

It forsyk waard ynskikt, it hynder kaem op stâl en de soldaet waard yn 'e hûs helle. Dat wie foar it folk op 'e pleats in bûtenkânske. In gast op in lange winterjoun joech fordivedaesje en al gau sieten se om 'e skou to harkjen nei de frjemdling dy't gâns to fortellen hie.

Nei in skoftke waard der wer oan 'e doar kloppe. De boer gie der hinne. It wie nou in frouminske dat ek om sliepplak frege. De boer lykwols fortelde dat hja al in gast hiene en forwiisde har nei in buorman. De soldaet wie der ûndertusken ek by kaem, mar doe't de frou ôfsette en de boer wer yn 'e hûs gie, bleau hy noch efkes bûten. Doe seach er ta syn forwûndering dat de frou wol in eintsje op 'en paed gie nei de oare pleats, mar al gau hâldde se stil en kroep forside efter in hikke.

De soldaet gie wer yn 'e hûs, sei neat fan wat er bûten sjoen hie, mar naem syn forhael wer op. Koart dêrop waard wer oankloppe, dêr wie de frou wer. De oare boer hie wegere har ûnderdak to forskaffen, hoe moast se nou? De boer fan Barhûs helle syn hân oer it hert en de frou kaem ek by de hurd.

It waard in noflike joun. De soldaet lykwols wie op syn iepenst. Hwat langer er it frouminske biseach, wat near hy der fan oertsjûge rekke dat se net mei in frou mar mei in forklaid mansaspoan to dwaen hiene. Doe't de boer der efkes út

gie folge de soldaet him en fortelde wat er sjoen hie en wat er tocht.

De boer woe sa mâl net, né, it wie grif in frou.

Doe kaem de soldaet mei in plan. Hy sei: "Boer, jo jowe it folk om 'e skou hinne strak in appel. It frouminske smite jo ien yn 'e skurte. As se nou har skurte breed makket om de appel to heinen, is se in rôk wend, docht se de knibbels tsjin elkoar, dan witte wy it oare wol."

It barde sa't de soldaet foarslein hie en.... it frouminske sleat de knibbels. Doe wisten se genôch. De oare oanwêzige manlju waerden ek ynlochte. En doe't de nacht kaem, joech net ien him del, hwa wit wat harren boppe de holle hong.



De boer en syn folk sochten har wapens op.

De soldaet dy't yn it bûthûs by syn hynders sliepe soe, loek syn unifoarm út. Hy folle dat op mei strie en lei it gefal sa op in stâl dat it krekt like as sliepte dêr de soldaet.

De soldaet sels lykwols kroep wei efter in houtersket. In pear ûren hie er dêr sa sitten en ja hear, dêr soe it heve! De oare gast kaem mei in kers yn 'e hân by de golle del. Doe't er kaem wie by wat him tocht de soldaet to wêzen, helle er in flymskerp mes foar it ljocht en mei in "Dat is ien" staette er it yn 'e striepop. Doe lykwols skeat de soldaet oerein en ûnder "En dat is twa" sloech er de smjunt tsjin de groun.

De soldaet fleach nei de foarein, dêr stie it oare folk, swier biwapene, ré. It wie nou wol dúdlik dat de boel net doogde en it lei foar de hân dat sa'n ûndogenskenien net allinne opsetten kaem.

Hoeden giene se nei bûten. De soldaet floite ien kear skerp en ja hear dêr kamen wol acht man op 'e pleats tasetten. Se hiene nearne gjin euvelmoed yn, mar wat draiden dy rôvers in raer gat yn. De iene nei de oare waard tsjin de flakte slein en de lêste trije achten it gaedliker en kypje der tuskenút.

Men kin fan tinken wol ha, dat de boer fan Barhûs de soldaet tige tankber wie. Sûnder him hie er grif al syn goud en sulver kvyt west, faeks syn libben ek noch.

De soldaet lykwols woe fan gjin tank witte en woe ek mar net it minste fan de boer ha.

Doe hat de boer fan Barhûs twa byldtsjes meitsje litten, ien fan in soldaet op in hynder en ien fan in soldaet op wacht. It earste byldtsje is fuortrekke, it oare is der noch altyd.